



[Parseberjocht](#)

Nije roman fan Durk van der Ploeg

In beferzen mar - spilet yn it Lauwersmargebiet

Nei syn grutte histoaryske roman *It himelsk oerwurk* ferskynt no in roman fan Durk van der Ploeg dy't yn de tweintichtse ieu spilet.

De haadpersoan Lochman Raven hat beropsmilitêr west oant er by in fredesmissy ferwûne rekke. Untidich komt er út tsjinst. Nei it ferstjerren fan syn heit, wennet er yn it âlderlik hûs oan de âlde seedyk fan de eardere Lauwerssee. Lochman wurket as wyldbearder yn it natuergebiet fan de Lauwersmar.

Op in dei komt der in man by him oan 'e doar. It blykt syn broer Teves te wezen. Hy wie in healjier doe't syn mem stoar en fiif moanne letter hat syn heit him weijûn. Lochman wie doe acht jier. Teves wol witte, wêrom't heit him as poppe oan frjemde minsken weijûn hat. Dy fraach groeit by Lochman út ta in inderlik konflikt, dat er earst mei himsels, en dan mei syn broer útfjochtet. Stadichoan wurde de riedsels út it ferline oplost.



De sfear fan de natuer en it wurkjen dêr mei konikhynders yn it Lauwersmargebiet wurdt troch Durk van Ploeg op treflik typearre. Hy is goed thús yn dy omkriten, kin alle paden, reden en hikken, de sfear fan it gea en de minsken.

Yn *In beferzen mar* snijt de skriuwer bekende tema's oan lykas de rivaliteit tusken minsken dy't inoar eins hiel nei binne. Tagelyk rjochtet er in monumint op foar dit bysûndere natuergebiet.

Boekgegevens:

Durk van der Ploeg, *In beferzen mar*. Roman. Friese Pers Boekerij bv, 2009

Omfang: 224 siden

ISBN: 978 90 330 0839 9

Ferkeappriis: € 18,50

Voor meer informatie over de uitgave, de auteur, de presentatie of het aanvragen van een recensie-exemplaar: Vera van Balen. Telefoon 058-284 5390/ vera.van.balen@ndcvbk.nl

Zowel dit persbericht als een hoge resolutie-afbeelding van het omslag zijn in digitale vorm beschikbaar via www.frieseopersboekerij.nl onder de knop 'Parse ynformaasje'.